

gemeente | tytsjerksteradiel



Groeie út lokale krêft wei

Riedsprogramma Tytsjerksteradiel
2026 - 2030



Ynhâld

Yntro: Lok yn eigen omjouwing	3
Mear profyt fan natuer, lânskip en toerisme	4
Ynsette op de krêft fan doarpsmienskippen	5
Ekonomy is mear as finansjeel rendemint	6
De feilichste gemeente	8
Elk doarp krijt der huzen by	9
Fierder op de duorsume wei	10
Mear moetingen, mear ferbining	12
Gjinien tusken wâl en skip	13
Taal en kultuer steviger woartele	15
Sport en bewege as basis	16
Iendûdige fyzje foar 2050	17
Tagonklike tsjinstferliening	18
Finansjeel ferantwurde ynvestearje	19
Wurkwize fan de ried	21



Lok yn eigen omjouwing

Wy binne gelokkich yn Tytsjerksteradiel. Grutsk op it lânskip, de bedriuwen en organisaasjes en fansels op ús ynwenners. Mei-inoar foarmje wy in mienskip dy't ús gemeente fierder helpt. Wy steane oan 'e top op it mêd fan frijwilligerswurk, wy doare te kiezen foar in duorsume enerzjyfoarsjenning en wy hearre ta de feilichste gemeenten fan ús lân.

De kommende fjouwer jier wolle wy dêr fierder op ynsette. De mienskip noch mear profitearje litten fan wat ús lânskip, ús bedriuwen, ús boeren en ús ynwenners te bieden hawwe. Soargje dat wa't him no net gelokkich fielt, dat wit te kanteljen. Yn al dy eleminten leit foar ús de kaai om lokkich te bliuwen.

Dêrby binne sûnens en previnsje wichtige faktoaren. Dêr wurkje wy oan troch mear sport, bewegen en kultuer yn eigen omjouwing. Soargje dat ek de folgjende generaasje hjir wenjen bliuwe kin, wurkje en rekreëarje kin, yn eigen doarp en omkriten. Oan de hjoeddeistige generaasje passende wenromte biede, sadat elkenien him thúsfielt en de wenningmerk fierder yn beweging komt. Wurkjen bliuwe oan de mienskipssin om doarpen fitaal te hâlden en iensumens fan ús ynwenners tsjin te gean. Mei goede ûnderwiisfoarsjenningen.

It stimulearjen fan lokale duorsume enerzjy makket ús minder ôfhinklik fan it drokke stroomnet en de geregeld ynstabile mondiale enerzjymerk. Mear gebrûk fan lokale produkten stipet lokale leveransiers, hâldt foarsjenningen yn stân en beheint de ferfierskilometers.

Tagelyk slute wy oan by wat wy oare gemeenten en gearwurkingspartners te bieden hawwe en hoe't wy troch gearwurking Tytsjerksteradiel fersterkje kinne. Wy wolle ús gebiet better ûnder de oandacht bringe sadat mear minsken profitearje kinne fan wat hjir allegearre oan moais te belibjen is,, sûnder dat dit neidielich is foar de rêst en romte dy't hjir is.

Ienriedigens

Op ferskate wizen wolle wy op finansjeel ferantwurde wize wurkje oan in sûne maatskippij. Dat klinkt ienfâldich, mar ek it simpele kin yngewikkeld wêze. Dêromhawwe wy der as hiele gemeenteried mei-inoar foar keazen dat dit riedsprogramma de basis is foar ús ynset. Om ús gelok te koesterjen, de kommende jierren te behâlden en fierder út te bouwen. Oer dy ienriedigens hoege wy gjin politike diskusje mear te fieren.

It riedsprogramma stiet op de aginda fan de riedsgearkomste fan 21 maaie 2026.

De gemeenteried fan Tytsjerksteradiel, besteande út de fraksjes fan CDA, BFTD, FNP, PRO, VVD, ChristenUnie en D66.



Mear profyt fan natuer, lânskip en toerisme

Op it snijpunt fan wetter, bosk en lân hat Tytsjerksteradiel in skitterjend lânskip. Wy ûnderkenne de wearde dy't rekreaasje en toerisme yn ús gemeente hat. Foaral foar wa't hjir hikke en tein is, is it lânskip en hoe't wy dêr fytse en kuierje kinne werkenber. Mar wa't mei frjemde eagen sjocht, sjocht hoe bysûnder oft ús kûlzelânskip is. Hoe moai it Nasjonaal Park de Alde Feanen is. Hoe't jo hjir neist fytsend en kuierjend ek farrend genietsje kinne fan de natuer en de rêst dy't wy hjir kenne. Dêr kinne wy mear fan profitearje. Dat wolle wy mear útdrage.

It parklânskip de Trynwâlden is de wolkomstpoarte fan de Wâlden, mei syn staten en stinzen. Mei prachtige doarpen en in gastfrije ûntfangst. De toeristyske wearde fan ús gebiet moatte wy mear as merk, trekpleister en fisitekaartsje delsette.

Toeristyske rûtes

Toeristyske rûtes wolle wy optimalisearje en sa kompleet mooglik meitsje. Dêr't dit noch net it gefal is wolle wy soargje dat in kuierje-, kano- of fietsroute by foarkar in rûn gehiel foarmet en dat dizze rûtes op elkoar oanslute. Dêrby past ek it realisearjen fan mear fisksteigers en opstapplakken foar kano's en sups, bygelyks troch de Marrekrite en inisjatyfnimmers. Wy binne entûsjast oer it inisjatyf om de Moark tusken Dokkum en De Trynwâlden better iepen te stellen as farrûte, mei each foar helberens en kosten.

Troch gebrûk te meitsjen fan de ynnovaasjekrêft fan grutte ûndernimmers út de toerismebrânsj yn ús gemeente kin it toeristysk produkt ferrykje. Wy jouwe romte oan ûndernimmers en inisjatyfnimmers dy't aktyf oan it toeristysk produkt bydrage wolle.

Fytspaden

We ferbetterje de fytspaden, sadat dy feilich te brûken binne foar elektryske fytzers, dy't op mear punten harren fyts oplade kinne. Ek de laadpunten foar autoferkear wreidzje wy út. It tal fytssnelwegen wolle wy ek fergrutsje, foaral troch it brûken fan de finansjele mooglikheden dy't de provinsje dêrfoar biedt.

Kûlzelânskip

It foar Tytsjerksteradiel sa kenmerkjende kûlzelânskip is in wichtige drager fan it nasjonaal lânskip de Noardlike Fryske Wâlden. Wy wolle mei de belutsen oerheden yn oerlis hoe't wy it kûlzelânskip behâlde, elk út syn eigen ferantwurdlikheid en mooglikheden wei. Wy wurdearje de wichtige rol en ferantwurdlikheid dy't boeren hjiryn hawwe. Sy beheare it lânskip en binne ek wichtige partners om it te behâlden. It kûlzelânskip heart by ús identiteit, draacht by oan ús ferbûnens mei it lânskip. It is tige bysûnder yn Europa. Dit kultureel erfgoed mei net ferlern gear.

Wetterkwaliteit

We bliuwe ús ynsetten foar in goede wetterkwaliteit, yn it belang fan natuer en toerisme. In farrûte foar grutte frachtskippen (klasse Va) by Earnewâld del bliuwe wy ôfkarren.



Toeristebelesting

Toeristebelesting wolle wy doelrjochte en sichtber ynsette om te soargjen dat wy toerisme befoarderje. Foardat wy neitinke oer ferheegjen fan de belesting om by te dragen oan it toeristyske produkt fan ús moaie gemeente, wolle wy earst witte oft de hjoeddeistige winning fan de toeristebelesting represintatyf is foar wat toeristen oan heffing betelje. De ôfdracht fan de ûndernimmers moat yn oerienstimming wêze mei de werklike oernachtingen.



Mear profyt fan natuer,
lânskip en toerisme

Ynsette op de krêft fan doarpsmienskippen

Tytsjerksteradiel is kampioen frijwilligerswurk as jo dit fergelykje mei it Nederlânske en Fryske gemiddelde. Der binne in soad inisjativen dy't soargje foar bining yn de mienskip. Dêrmei binne it wichtige pylders yn ús doarpen. Dat moatte we koesterje. Fan boppen ôf is dit net yn gong te setten, mar wy kinne de basis wol ferstevigje troch inisjativen fan ûnderop te honorearjen.

Doarpsbudzjetten en stipe

Dat dogge wy fia doarpsbudzjetten en aktive stipe troch de gemeente. Mei in beheind tal rânebetingsten en sa min mooglik tuskenskotten kinne dizze yntegraal ûnderdiel wêze om de mienskip te fersterkjen. Wêr mooglik foegje wy besteande regelingen gear. Hielendal as de evaluaasje yn 2027 fan de proef mei in doarpebudzjet de wisk dêrfoar befêstiget.

De ûnderfiningen wize út dat wy doarpen it betrouwen jaan kinne om goede ideeën út te fieren. Dat moedige wy fierder oan. Sa sette wy op foarhân gjin rem op plannen as dy mear jild freegje as dêr't de regeling yn foarsjocht. Foar dat soort situaasjes meitsje wy in rûtekaart sadat bewenners witte hoe't ried en kolleezje soksoarte plannen beoardielje en harren aktyf helpe om de goede wegen te berinnen.

Wy sykje kontakt mei ferienings om breed te ynventarisearjen mei hokker útdagings se te krijen hawwe en hokker stipe wy biede kinne.



Ekonomy is mear as finansjeel rendemint

Op ekonomysk mêd wolle we dat Tytsjerksteradiel ferbreedt en fernijt, mear ferbining siket mei de wrâld om ús hinne en de sterke punten better útrûpelet. Fryslân is wrâldkampioen sirkulêre ekonomy. Ek yn ús gemeente wolle wy fan dy kennis profitearje en soargje dat ús provinsje oan de top stean bliuwt. Dit kin troch te soargjen dat bedriuwen de oerstap nei de sirkulêre ekonomy meitsje. De ried freget it kolleezje om dit konkreet te meitsjen. Sirkulariteit besparret grûnstoffen en úteinlik ek kosten. Net foar neat binne wy lid fan de Vereniging Circulair Friesland.

It fersterkjen fan de lokale ekonomy kin troch it brûken fan koarte ketens te befoarderjen: beheine it tal skeakels tusken boer en konsumint. Wy sette wy op lokaal iten en lokale produkten, bygelyks troch oan buorkerijwinkels romte te bieden. Dat slút oan by ús ferlet om de ekonomy yn balâns te bringen mei ekology.

Maatskiplik rindemint

Previsje en sûnens binne wichtige eleminten foar ekonomyske groei. Ekonomy is mear as finansjeel rindemint. It giet ek om maatskiplik rindemint en de sosjale komponint. Wurk en maatskiplik meidwaan drage by oan it wolwêzen fan ús ynwenners. It is dêrmei goed foar de sûnens en beheind soarchkosten. Wy stimulearje dat jongeren yn harren eigen omjouwing oan it wurk kinne. Dat kin troch te soargjen dat der mear staażes en stúdzjeprojekten yn de eigen gemeente te finen binne. Mei de gemeentlike organisaasje as foarbyld.



Fierder ûntwikkelje

Mar we sjogge net allinnich nei de lokale ekonomy. We heakje oan by ûntwikkelingen om ús hinne, dy't derfoar soargje dat we ús ekonomy mei-inoar fierder ûntwikkelje kinne en dat we mear rindemint helje út dy gearwurkingen. Dêrby giet it om inisjativen lykas Blue Delta, de Economic Board Fryslân en Europapact.

Besteande relaasjes yntinsivearje wy. In wichtich útgongspunt foar gearwurking is de fraach op hokker wize ynweners dêrfan profitearje. Dêryn leit ek in rol foar de boargemaster en de wethâlders om regionale en rommere ferbannen te ferkennen en nei te gean wat past by de ûntwikkeling dy't fan belang is foar ús ekonomy. Sa kinne wy de ynnovaasje fersterkje en ynsette op bedriuwen dy't in oanfolling binne op wat Tytsjerksteradiel te bieden hat. Dit lêste jildt ek foar bedriuwen dy't wurk biede oan minsken mei ôfstân ta de arbeidsmerk.

Nije ekonomyske motor

Wat bedriuwlokaasjes oanbelanget, sjogge wy yn de ûntwikkeling fan it gebiet by Quatrebras in nije ekonomyske motor. Wy wolle dêrneist mear ynsette op ekonomyske ûntwikkeling op terreinen dy't oan it wetter lizze. Lokaasjes foar wiete bedriuwichheid binne krap. De mooglikheden dy't wy dêrfoar hawwe, wolle wy optimaal benutte. Dêr't yn in doarp ferlet is fan in supermerk, sjogge wy konstruktif mei yn hoefier't dat fia ús romtlik belied mooglik te meitsjen is. Fan belang dêrby is dat wy ús besteande supermerken behâlde, benammen op mominten dat dy driigje te ferdwinen.

Minder geur - en lûdshinder

By in sûne wenomjouwing heart ek it beheinen fan hinder. Wy wolle graach ynsette op it ôfnimme litten fan de hjoeddeistige geur - en lûdsproduksje fan besteande bedriuwen. Wêr't it om bedriuwen giet dêr't de provinsje de fergunningen foar jout, pleitsje wy der aktyf foar om geur- en lûdsproduksje ôfnimme te litten.



De feilichste gemeente

Tytsjerksteradiel heart al jierren ta de feilichste gemeenten fan Fryslân en dêrmei fan Nederlân. De ried wol dit ek de kommende jierren sa hâlde. Dat is fan grut belang foar de ynwenners. Dêrby giet it sawol om it gefoel fan feiligens yn de eigen wenomjouwing as om ferkearsfeiligens en digitale feiligens.

Wat it feilichheidsgefoel oanbelanget sjogge wy dat net alles op te lossen is mei bûtengewoane opspoaringsamtners (boa's). Tafersjoch op strjitte is mar in part fan harren takepakket. De gemeente giet net oer de feiligens op strjitte. Dit heart al jierren thús by de plysje, yn it bysûnder by de wykagint. Dêr't dy it oansprekpunt en it weitsjend each op strjitte heart te wêzen, sjogge wy dy no te min. Wat de oarsaak dêrfan ek is, dêr wolle wy feroaring yn. Sichtberens fan de wykagint kin previntyf wurkje en oerlêst beheine. Wy starte sels in lobby rjochting de Ryksoerheid om te soargjen dat wy wer mear blau op strjitte sjogge. Wy wolle ek graach dat ús boargemaster dêroer yn petear giet mei syn partners yn de trijehoeke boargemaster – plysjesjef – offisier fan justysje.

Dêrtroch kinne de boa's harren rjochtsjen bliuwe op harren gemeentlike taken.

Om de feilichheid te ferbetterjen, freegje wy elkenien út syn ferantwurdlikheid wei in bydrage te leverjen. Wy lizze de klam op previnsje. Net alles is ticht te regeljen op it mêd fan feiligens, mar wy kinne der yn it belang fan ús ynwenners wol ús mienskiplike ferantwurdlikheid fan meitsje. Op dy wize bliuwt Tytsjerksteradiel ien fan de feilichste gemeenten

Ferkearsfeiligens

In oar ûnderdiel is de ferkearsfeiligens. Dat sjogge wy ek as in mienskiplike ferantwurdlikheid, wêrby't wy ús ynwenners aktyf oanmoedigje om snelheidslimiten nei te libjen. Kwetsbere ferkearsdielnimmers – fan jong oant âld – moatte har feilich fiele yn it ferkear. Binnen de beboude kom wolle wy de snelheid beheine as dat nedich is foar feiliger ferkears situaasjes. By werynrjochtingen en grut ûnderhâld passe wy de wei hjirop oan as dat nedich is. Dit kin bygelyks by skoallen, winkelgebieten of âldereinhúsfêsting.

Op deselde praktyske wize ferbetterje wy by ûnderhâld of rekonstruksjes ek de ferljochting yn it bûtengebied. Wy hechtsje oan 'e tsjusterte bûten de beboude kom. Dat is fan belang foar de natuer. Dochs kin der hjir ferlet wêze fan mear ferljochting om de feiligens foar fytsers te tsjinjen. Dat realisearje wy dan troch de tsjusterte sa min mooglik te fersteuren. Bygelyks mei help fan bewegingssensoren of reflektoren.

Digitale feilichheid

Digitale feiligens is fan hieltyd grutter belang. De tanimmende digitalisearring biedt grutte foardielen, mar makket ek kwetsber. In soad gegevens binne online werom te finen. By datalekken ûntstiet it risiko dat oplichters en oare kriminelen de gegevens misbrûke. Ynwenners en ûndernimmers wize we op de risiko's hjirfan. As gemeente nimme wy ús ferantwurdlikheid troch te soargjen dat wy digitale gegevens korrekt en feilich opslaan. Wy wolle omtinken jaan oan it foarljochtsjen fan ynwenners oer de risiko's fan de tanimmende digitalisearring en de gefaren fan datalekken en hoe't dy foar te kommen binne.



Elk doarp krijt der huzen by

It ferlet fan passende wenromte yn Tytsjerksteradiel nimt ta. Der komme mear lytsere húshâldens en de befolking groeit. Foaral netkongesty en te min strategyske amtlike kapasiteit remje de huzebou. Tagelyk sjogge wy folop mooglikheden om oan it wenningferlet te foldwaan. Boppe-op de goed 800 wenten dy't al pland of krekt realisearre binne, foegje wy it foarnimmen ta om de kommende fjouwer jier nochris 400 huzen derby te realisearjen. Dy 1200 wenten binne foarearst genôch om oan it wenningferlet te foldwaan, al monitoarje wy dy fraach de kommende perioade kontinu.

Dat dogge wy troch de tinkkrêft út dizze doarpen te brûken. De ynwenners fan de doarpen witte sels goed wêr't mooglikheden lizze foar nijbou of werbestimming. Wy aktualisearje de wen- en leefberenssagenda út 2023 en meitsje konkrete plannen per doarp. Om ynwenners fan de doarpen te ynspirearjen geane wy nije gearwurkingen oan en belûke wy ek professionals fan bûten. Hjirtroch kinne jo ynwenners en amtlike organisaasje entûsjast meitsje foar nije ynnovative wenfoarmen.

Sosjale hier

It stribjen is dat elk doarp der wenningen by krije kin. Dat is nedich om oan de fraach út doarpen te foldwaan en foar de leefberens en foarsjenningen yn dy doarpen. De wenten passe by de útgongspunten fan de Wet versterking regie volkshuisvesting: foldwaande betelber, foldwaande sosjale hier by nijbou. It betsjut dat it útgongspunt is dat der yn elk doarp sosjale hierwenten by komme, benammen foar jongeren. As besteande wenningkorporaasjes dy net bouwe wolle, sykje wy nije ferbannen of oerwage wy de wenten sels bouwe te litten. We kinne dan sels de rezjy hâlde. By foarkar nimme wy net de rol fan ferhierder oer.

Kreatyf

Dit past by de noflike eigenwiisheid hoe't wy de wenningmerk yn 'e mjitte komme. Wy ferbreedzje it wenningoanbod en jouwe mear frijheid foar de ynfolling fan kavels. Mei romte foar in groep freonen dy't tegearre op in kavel meardere huzen sette wolle. Of tiny houses, wenningsplitsing, flekswenten, driuwende wenten, kangoeroewenten, tydlike wenten, wenhofkes, ensfh.

Wy komme mei in proef om dizze perioade ien of mear fan dizze wenfoarmen fan de grûn te krijen. Om dizze proef út te fieren krijt it kolleezje de romte om hjir ynnovatyf mei oan de slach te gean en de eksperimintearromte optimaal te benutten.

Eigeners fan leechsteande gebouwen en pleatsen aktivearje wy om har besit geskikt te meitsjen foar bewenning.

It doel is om alle doelgroepen yn ús gemeente better te betsjinjen: ienpersoanshúshâldens, âlderein en fansels ek jongerein. Dêrneist nimme wy ús wetlike ferantwurdlikheid foar de húsfêsting fan statushâlders.

Wy geane de gemeente yn

By dizze oanpak heart in kreative wize om de mooglikheden yn ús gemeente ûnder de oandacht te bringen. Wy geane de gemeente yn om ynwenners mei te jaan wat de mooglikheden binne en om nije ideeën op te dwaan.

Wy trede yn oerlis mei oare gemeenten, organisaasjes en bedriuwen en wikselje ús ideeën út om de wenningmerk fan it slot te heljen.



Fierder op de duorsume wei



Wy geane fierder op wei om ús enerzjyfoarsjenning duorsumer te meitsjen. Wy wolle de enerzjyfoarsjenning fergriene en gebrûk meitsje fan duorsume boarnen yn ús eigen omjouwing. Dêr moat elkenien oan meidwaan kinne en elkenien fan profitearje kinne. Ek foar wat it oanheakje litten fan minsken oanbelanget dy't dit oars net opbringe kinne.

Grienere enerzjyfoarsjenning

Nije lanlike duorsumensmaatregels pakke wy fuortendaliks en mei faasje op. Mei meardere lokale ynwennersinistativen leverje wy al in wichtige bydrage oan griene enerzjyfoarsjenningen. De stroom wolle wy foaral sels brûke. Wy stribje dernei dat dy enerzjy net fuortglûpt nei oare parten fan it lân.

It belang om mear selsfoarsjennend te wêzen, is de ôfrûne jierren allinnich mar tanommen troch de konflikten yn de wrâld. Selsfoarsjennendheid troch griene stroomopwek is goed foar minske, natuer en beurs en makket ús minder ôfhinklik fan mondiale ûntwikkelingen en dêrby hearrende priisstigingen en ôfname fan beskikberens.



Doarpsmûnen op see

Om ús ynwenners profitearje te litten fan duorsume enerzjy, meitsje wy ús sterk foar it konsept fan doarpsmûnen op see. Dit binne wynmûnen dêr't doarpen, wiken en lokale koöperaasjes partisipearje kinne. It makket ynwenners mei-eigener, wêrtroch't sy in part fan de opbringsten krije.

Dat is no wetlik noch net mooglik. Fia ús netwurk yn De Haach en Brussel pleitsje wy foar romte yn wet - en regeljouwing. Tagelyk ûndersykje wy yn oparbeidzjen mei partners hokker foarmen fan partisipaasje no al mooglik binne. Sa fersterkje wy ús enerzjy-ûnôfhinklikheid en ferbine wy de enerzjytransysje mei de krêft fan ús mienskip. Wy wachtsje net oant it mei, wy wurkje deroan dat dit kin.

Lokale opslach

Dêrneist is it in middel om de netkongestje tsjin te gean. Hjirfoar binne noch wol stappen nedich. It komt foar dat minsken harren sinnepanielen net brûke kinne as netbehearder Liander se fanwege kongestyproblemen ôfskeakelet. Wy wolle ta nei de mooglikheid dat wy op dy mominten de stroom ôftaapje kinne foar lokaal gebrûk of lokale opslach yn saneamde Smart Energy Hubs. Dit freget ûnder oare oerlis en ôfstimming mei de netbehearder. Under lokaal gebrûk ferstean wy gebrûk yn de eigen gemeente.

Dy oanpak stimulearret de opwek fan lokale enerzjy yn stee fan dat de kâns op ôfskeakeling dy ûntmoediget. Boppedat sjogge wy de komst fan Smart Energy Hubs as stap om netkongesty tsjin te gean, wylst oerbelêsting fan it elektrisiteitsnetwurk no ien fan de grutste obstakels is foar wenningbou en útwreiding fan bedriuwichheid.

Heechspanningstracees

De plannen foar de needsaaklike útwreiding fan it heechspanningsnet moat Tytsjerksteradiel sa min mooglik skea dwaan. Wêr mooglik moatte sokke kabels ûndergrûnsk gean, oer in inkeld trasee. De komst fan nije heechspanningskabels mei der net foar soargje dat wy de stroom dy't wy lokaal opwekke, ferdwinen sjogge nei earne oars. Fan it beslút dat sa'n nije kabel troch ús gebiet rint, moatte wy just profyt hawwe troch te soargjen dat wy de stroom brûke kinne foar ûntwikkelings yn ús gemeente. In heechspanningsstasjon yn Fryslân is dêrby in betingst foar it tastean fan in 380kv-tracee.

Dielferfier

De inisjativen dy't foar dielferfier ûntstien binne, stimulearje wy. Wêr't dy fan ûnderop ta stân komme, fasilitearje wy dit. Wy sette ús yn foar OV-ferbiningen yn ús gemeente, benammen yn lytsere doarpen.

Dûbeld spoar

In dûbeld spoar tusken Grins en Ljouwert mei gebrûk fan elektryske treinen sil in wichtige stimulâns wêze om mear gebrûk te meitsjen fan iepenbier ferfier. It ferkoart de reistiid tusken beide stêden oanmerklik. Wy sille it realisearjen dêrfan aktyf by de ynstânsjes ûnder de oandacht bringe dy't dêr ferantwurdlik foar binne.



Mear moetingen, mear ferbining

Moetingsplakken hawwe in sintrale rol yn ús doarpen. Se soargje foar kontakt, ferbining en mienskipssin. Dat wolle wy sa hâlde, ek yn plakken dêr't it kafee of de skoalle ferdwûn is. Doarpshuzen, multyfunksjonele akkommodaasjes en tsjerken kinne dy rol behâlde of oernimme. We wolle soargje dat ús maatskiplik fêstgoed op oarder is.

Dit freget geregeld kostbere ynvestearringen, dy't wy goed oerwage dwaan wolle. Oan de hân fan in op te stellen ynvestearringsaginda wolle wy dêroer yntegrale ôfwagings meitsje. Tagelyk meie we dêrby net út it each ferlieze wat de maatskiplike mearwearde is fan in moetingplak. It biedt mooglikheden om funksjes te kombinearjen as dat bydraacht oan de leefberens, troch bygelyks it ûnderwiis en sport deryn ûnder te bringen. Dat makket it mooglik om it fêstgoed te ferduorsumjen. Wêrtroch't wy net allinnich bydrage oan ús ferduorsuming, mar tagelyk de eksploitaasjekosten omleech bringe kinne. Dat lêste is allyksa fan grut belang. Want maatskiplik fêstgoed delsette is ien ding, soargje dat de eksploitaasje langjierrich op oarder is, is faak op syn minst sa útdaagjend.

Maatskiplik fêstgoed

De gemeente aktualisearret de útgongspunten hoe't wy omgean mei ús maatskiplik fêstgoed. Dat soarget foar in gemeentebreed plan foar it maatskiplik fêstgoed en it yntegrale húsfestingsplan (IHP) foar it ûnderwiis. Dy útgongspunten wolle wy yn 2026 yn de ried beprate, krekt as de op te stellen ynvestearringsaginda. Dêrby belûke wy it belied 'Kansrijk opgroeien'. It moat de helderheid opsmite hoe't it ûnderwiis de kommende jierren regele is. Dat ynwenners witte wannear't de foarsjenningen yn harren doarp oan bar binne. Dat dêrneist helder is hokker ynvestearring op hokker mominten nedich binne en hoe't dat allegear op te bringen is.

Konsintraasje fan foarsjennings is dêrby gjin doel op himsels. Dêr't it doarpskafee noch folop draait, sille wy dat net bekonkurrearje. Publike foarsjenningen yn de doarpen besykje wy safolle mooglik te ûntsjen fan lokale belestingen.

Griene skoalpleinen

Fia it IHP Onderwijs wolle wy befoarderje dat der skoalpleinen komme mei mear grien en mear foarsjennings om te sporten en te beweegjen. Skoallen binne in wichtige partner om ús ynwenners fierder yn beweging te krijen.

Underwiis

Tytsjerksteradiel hat neffens it Nederlânsk gemiddelde mear praktysk oplate ynwenners. Praktykrjochte beropsûnderwiis is tige wichtich. Hjir liede se jongeren op ta mitselers, ynstallateurs en soarchferlieners – minsken dy't wy keihurd nedich binne. Praktykrjochte beropsûnderwiis biedt kânsen foar bedriuwen om oan geskikt persoan te kommen en biedt jongerein de mooglikheid om yn eigen omjouwing oan wurk te kommen. De mooglikheden dêrfoar wolle wy fierder oanmoedigje, ûnder oaren troch oan te sluten by de gearwurking dy't al bestiet tusken Firda en bedriuwen. Wy fine dit mei fan belang fanwegen ús regisrearjende rol yn lokale oanpak fan basisfeardichheden ûnder ynwenners. De gemeentlike kontaktpersoan kin hjirby partijen byinoar bringe.

Trijetalich ûnderwiis – Nederlânsk, Frysk en Ingelsk – wolle wy stimulearje yn it basisûnderwiis en op de foarskoalske edukaasje. Dat kin troch skoallen aktyf te wizen op de finansjele mooglikheden dy't dêrfoar út besteande foarsjenningen wei te benutten binne.



Nimmen tusken wâl en skip

De mienskip foarmje we mei ús allen. Elkenien moat dêroan meidwaan kinne. Mar net elkenien docht mei. Dat kin ferskate oarsaken hawwe. Hieltyd mear minsken yn ús gemeente fiele harren wolris iensum. Dit jildt neffens Planbureau Fryslân al foar hast de helte fan ús ynwenners. Der binne ynwenners dy't gjin oansluting fine op de arbeidsmerk. Oaren ha mentale of fysike sûnensklachten of kampen mei skulden of oare problematyk.

Previjsje

We sjogge it mei as de ferantwurdlikheid fan de gemeente om minsken te helpen dy't tusken wâl en skip reitsje en foar te kommen dat se dêr bedarje, wat harren leeftiid of komôf ek is. De help hoecht de gemeente net altyd sels te bieden. Dy kin ek komme fan buorlju, famyljeleden, ferieningen of oare organisaasjes. De gemeente kin dy help stypje.

Help fan buorlju, frijwilligers, ynformele soarch en mantelsoarch drage deroan by dat minsken oanheakje kinne. Dy ynset fine wy fan grut belang en foarmet ien fan de pylders fan ús mienskip. Dat wolle wy as gemeente fierder befoarderje.

Fernijingen

Yn it sosjaal domein sjogge we in grutte feroaring. Om te foldwaan oan alle nije wetten en rjochtlinen

is in nije blik nedich. Dit freget in nije fyzje fan de gemeente en in oanpak. Dêrby kin it bygelyks gear om saken as falpreviysje, gebrûk fan moderne sensoaren en techniken om wenjen mei soarch makliker te meitsjen, fernijingen op it mêd fan beweging, mentale sûnens, fieding en diëtyk. Dy fyzje keppelje wy oan oare gemeentlike saken.

De oare kant is dat wy ús sosjale soarchjild wol besteegje wolle dêr't dy echt nedich is. Dit freget in oanpak wêrby't wy neigean oft in eigen bydrage mooglik is, sa gau as de wet dat tastiet.

Aksjeplan basisfeardichheden en taalfeardigens

Troch in aksjeplan wolle wy de basisfeardichheden fan ús ynwenners fergrutsje en beheinde taalûntwikkeling tsjingean. It kin minsken út harren isolemint helje. Wa't yn de bystân sit, wolle wy om deselde reden aktivearje: neigean hokker bydrage oft se noch wol nei fermogen leverje kinne oan ús maatskippij. As mooglike opstap om út de bystân te kommen. Dat geane wy nei fanút in helpoanbod. Want ek hjir jildt it fertrouensprinsipe: wy geane der fanút dat minsken tsjin harren wil yn de bystân bedarre binne.



Iersinjalearing

Wêr't dat mooglik is, besykje wy mei maatskiplike partners as skoallen, sportferienings, kulturele organisaasjes, wolwêzensorganisaasjes, wenningboukorporaasjes en enerzjybedriuwen betiid nei te gean oft immen help nedich hat. Mei dêrnei de stappen dy't wy sette kinne om de delgeande spiraal foar te kommen. Dat kin troch partisipaasjetrajekten oan te bieden. Ek hjir kin previnsje fan grutte betsjutting wêze.

We wolle binning hâlde. Elkenien dy't it dreech hat, oanslute litte yn de mienskip. Alert wêze - bygelyks mei help fan saneamde omtinkers - op sinjalen yn ús doarpen dat minsken yn in isolemint reitsje troch se by aktiviteiten belûken te bliuwen. Alle wiken in bakje kofje op fêste tiden yn groepsferbân kin in fertuten dwaan.

Jeugdsoarch

De drompel foar jongerein om help te krijen en om harren help oan te bieden, moat sa leech mooglik wêze. Dêr moat de gemeentlike help en de rezjyrol dy't de gemeente spilet op ynrjochte wêze. In plak op in wachtlist is al in sinjaal dat der geregeld kontakt wêze moat oer de helpfraach en de urginsje.

Jongerein moatte soarch hâlde kinne as se de achttjinjierrige leeftiid berikke. Want dêr't de jeugdsoarch dan wetlik ophâldt, jildt dat meastentiids net foar harren problematyk. Wy wolle harren net oan har lot oerlitte. Fandêr dat der dan in soepele oergong wêze moat nei de 18 +- soarch. By de oanbesteging fan dy soarch lizze wy dit as in dúdlike eask del by de oanbieders.

Mei skoalmaatskiplik wurk, gebietsteams en jongereinwurkers yn skoallen rinne suksesfolle proeven. De resultaten binne goed, de jeugd freget om dizze oanpak en it is ynbêde op de skoallen. Fandêr dat we foar de ein fan de proefperioade al witte dat we hjirmei fierder wolle. It betsjut dat wy dit struktureel finansierje wolle.

Wy fine dat âlden – wêr mooglik – in wichtige rol hawwe by it ûnderkennen en ferhelpen fan lichte problematyk by jongerein.

De ferliedingen foar jongerein binne ferskuorrend grut. Foardat se it yn 'gaten hawwe, kinne se - online - yn de skulden bedarje, mei alle gefolgen dêrfan. Ek dat wolle wy tsjingean, bygelyks fia it coachen fan jongerein yn jildsaken.

Wy sille noch mear omtinken jaan oan foarljochting (binnen it ûnderwiis) oer de risiko's fan smoken, vaperen en drugsgebrûk en alkohol. Previnsje en ferminderjen fan it gebrûk binne dêrby wichtige útgongspunten.

Earmoede

Ek yn ús gemeente is sprake fan earmoede. Wy sette yn op previnsje en iersinjalearing. Wy geane fierder mei it fêststelde belied. Om minsken op bystânsnivo op wei te helpen, ûndersykje wy oft se in iepenbier ferfierspas krije kinne. Wy sjogge ek hoe't se makliker tagong ta ferieningen krije kinne.



Nimmen tusken
wâl en skip



Taal en kultuer steviger woartele

Taal en kultuer binne ûnskiedber ferbûn mei ús mienskip. Se drage by oan it wolwêzen fan ús ynwenners. It Frysk is woartele yn ús gemeente. Dat wolle wy fierder fersterkje, sadat wy foaroprinne by it brûken fan it Frysk, foaral op praktyske wize. Net allinnich yn wurd mar ek yn oare ûnderdielen fan de Fryske kultuer, lykas it stimulearjen fan Fryske sporten yn it ûnderwiis. De nije beliedsnotysje Kultuer en Frysk dy't yn 2026 ferskynt, is dêrfoar de paadwizer.

Oefenromtes

Wy bliuwe ynvestearjen yn kultuer. Dit kinne wy ek dwaan troch bygelyks te soargjen foar mear oefenromten foar amateurkeunst, sadat se dêr kosten op besparje. Sa sykje wy kreatyf nei mooglikheden sadat elkenien syn kulturele hobby útoefenje bliuwe kin.

Kultuer en soarch

Kultuer soarget foar leefberens. Wy stypje lokale inisjativen, ferienings en festivals. Keunst en kultuer drage oantoanber by oan mentale sûnens, sinjouwing en it ferminderjen fan iensumens. Wy wolle dêrom dat it kultuerbelied him ek rjochtet op Wmo - en previnsjebelied. Dat dogge wy troch ûnder oare gearwurking te stimulearjen tusken ynstellings foar kultuer en soarch en wolwêzen en it stypjen fan leechdrompelige kulturele aktiviteiten yn wiken en doarpen.

Biblioteken

De bibliotek docht folle mear as boeken útliene en leveret in wichtige bydrage oan de kultuer en it wolwêzen fan ús ynwenners. By de fierdere ûntwikkeling fan biblioteken stiet it byinoar bringen en it fergrutsjen fan kennis en basis - en lêsfearrichheden sintraal. Ek hjir sjogge wy hoe't wy op

de goede lokaasjes ta mear moetingen komme kinne en hoe't de bibliotek in rol spylje kin op lokaasjes dêr't al in soad minsken komme.

Erfgoed

By it op 'e nij bestemmen fan gebouwen sjogge wy ek wat in nije funksje wêze kin foar leechsteande tsjerken en oare gebouwen dy't wy as weardefol erfgoed wurdearje. Wy stribje nei in goede kwaliteit fan ús erfgoed. Mei de oanpak fan it gemeentlik besit dat ûnder erfgoed falt as foarbyld.



Sport en bewege as basis

Sport en bewegen foarmje in essinsjeel en ûnmisber ûnderdiel fan ús maatskippij. It draacht net allinnich by oan it fysike gestel, mar ek oan de mentale sûnens en oan de sosjale belutsenheid yn de maatskippij. Sporten en bewegen soargje foar moetingen, kinne minsken út harren isolemint helje. Se foarkomme maatskiplike kosten en stimulearje de ekonomy. It makket ús op allerhande wize wearberder. De previntive wurking fan sport en beweging is oanmerklik, dêrom wolle wy dêryn ynvestearje. Fandêr dat it fan belang is om sport en bewegen goed te ferankerjen op alle terreinen fan de gemeente dêr't dit in rol spilet.

Boppedat hawwe wy in omjouwing dy't him poerbêst lient om yn te beweegjen. Drave, roeie, sile, fitness, fytse, kuierje: hoechst der net de gemeentegrins foar oer. Op alderlei manieren wolle wy stimulearje om yn eigen omjouwing te beweegjen. Sadat de fysike, mentale en sosjale sûnens fan ús befolking dêrfan profitearret.

Sporten yn iepenbiere romte

It freget fan ús kant dat wy soargje dat de iepenbiere romte optimaal te brûken is foar sporten en bewegen. Dat wy soargje foar mear hurdrinrûten, sporte yn de natuer, fitnessmooglikheden en oare foarsjenningen dy't ûnorganisearre sporten oanmoedigje. Eksperiminten om sporten en bewegen oan te moedigjen pakke wy op sûnder te fersânjen yn in enoarme papierwinkel. Dêr heart ek it multyfunksjoneel gebrûk fan sportsealen en oare publike foarsjenningen by.

Ynvestearje yn sportferienings en -fasiliteiten

Wy wolle lokale sportklups behâlde en soargje dat de organisearre sportferienings oer goede akkommodaasjes beskikke. Benammen de bûtensportfjilden hawwe te lijen ûnder bygelyks de gefolgen fan klimaatferoaringen en yntinsiver gebrûk. Dit freget ynvestearings yn de kwaliteit fan dy sportfjilden. Oan de hân fan in op te stellen ynvestearingsaginda wolle wy dêroer yntegrale ôfwagings meitsje.

Previnsje

Previnsje hat allinnich effekt as minsken meidogge, dat freget aktivaasje. Wy wurkje yntinsyf gear mei alderhanne partners oan mear (mjitbere) dielname fan alderhanne doelgroepen. Fan jong oant âld, fan bern oant wurkjenden. Om it tal meetings en sporters en bewegers te fergrutsjen, befoarderje wy kombinaasjes dêr't ûnderwiis en senioaren gearkomme. Minsken mei in beheining moatte mear mooglikheden hawwe om te sporten en yn mear dissiplinen. Wy fernimme dat dit yn de koroanatiid fermindere is en dêrnei net genôch weromkommen is.





Iendûdige fyzje foar 2050

De Fryske paradoks sjogge wy ek yn ús gemeente werom. Ynkommens meie hjir miskien leger lizze as it lanlik gemiddelde, ynweners fan Tytsjerksteradiel fiele harren thús en gelokkich yn harren gemeente. Dizze Fryske paradoks stiet yn ús gemeente ûnder druk, wylst wy dit gefoel de kommende desennia behâlde wolle. Dat freget om in fyzje rjochting 2050 hoe't wy dat dwaan sille. Watfoar gemeente wolle wy wêze? Hoe behâlde wy it wolwêzen fan de ynweners? Hoe soargje we dat dit ek jilde sil foar wa't him iensum of minder lokkich fielt? Hoe fange we de fergrizing op? Hoe kin de gemeente stypje yn de ûntwikkeling ta in bloeisône?

Foar dy fyzje hoege wy net fan foaren ôf oan te begjinnen. Der lizze al genôch dokuminten. Fan omjouwingsfyzje oant partisipaasjefyzje en de data fan Planbureau Fryslân oer Tytsjerksteradiel. Dy bringe wy byinoar. Mei op basis dêrfan komme wy ta in dúdlike fyzje foar 2050. Dêr't elke ynwenner fan ús gemeente him yn werkenne kinne moat. Mei de boargemaster is by syn oanstelling ôfpraat dat er by it opstellen fan de fyzje in wichtige rol hat. Dy fyzje wolle wy ein 2027 klear hawwe, nei ôfstimming mei ús ynweners.

Dy fyzje yn kombinaasje mei in misje en strategy moat dúdlik meitsje wat de rollen en taken fan de gemeente binne foar de kommende jierren en wa't hjirfoar de gearwurkingspartners binne.



Tagonklike tsjinstferliening

De gemeente foarmje we mei ús allen: ynwenners, bedriuwen en organisaasjes. Elkenien wol ús it gefoel jaan dat hy of sy him fertsjintwurdige fielt en meirate kin. Foar elkenien moat de gemeente in bûngenoat wêze. Us tsjinstferliening heart dêrop oan te sluten. Wy geane mear út fan betrouwen rjochting ús ynwenners, bedriuwen en organisaasjes en minder fan regels. Fan nee of it moat oars wêze meitsje wy ja mits .

Regelfermealler

Yn Tytsjerksteradiel geane wy út fan fertrouwen. Soms binne regels wol nedich. Dat wolle we wol sa folle as mooglik beheine. Dêrom sille wy as proef de Regelfermealler tapasse. Wy sjogge dan ek nei oerstallich belied én it fersimpeljen fan gemeentlike prosessen. Mocht dit suksesfol blike dan wolle we dit faker dwaan. Nij belied ûntwikkelje wy mei sa min mooglik regels.

Jongerein

Wy wolle ynwenners better belûke by de gemeente en in bettere relaasje opbouwe. Ek troch jongerein faker in stim te jaan. By beliedsstikken geane wy yn petear om nei te gean hokker gefolgen oft dy hawwe foar jongerein. Sy foarmje no in ûnderbeljochte groep en krije net genôch in eigen stim. Wylst wy de positive trend sjogge dat ûnderwilens mear jongerein harren fêstigje yn ús gemeente as dat der fuort gean. Dat moedigje we fierder oan.

Dit kin fia it oanskerpjen fan aktiviteiten dy't der no binne: de jierlikse gearwurking mei Tienskip en it ynskeakeljen fan ProDemos foar it twajierliks organisearjen fan Democracy. Wy ûndersykje dêrneist wat der noch mear mooglik is om de belutsenens fan jongerein te fergrutsjen, bygelyks troch it ynstellen fan in jongereinried of in berneboargemaster.

Eveneminten foar benammen jongerein oant 18 jier wolle we tagonklikker meitsje. Soks kin bygelyks troch in feesttinte dy't earne al stiet, langer te brûken en dêr aktiviteiten foar de jeugd organisearje te litten. Dat

bringt de drompel en de kosten foar sokke eveneminten omleech. By de fergunningferliening foar eveneminten sil de gemeente dit stimulearje.

Oernimme

By aktiviteiten en belied dat de gemeente yn gong set, jouwe wy yn riedsútstellen sterker oan dat ynwenners, bedriuwen en organisaasjes de útfiering fan de gemeente oernimme meie as se tinke dat se dat better of foardieliger kinne. Dit 'right to challenge' kin de belutsenens fan de mienskip fierder fergrutsje.

Frysk

Fansels hawwe wy in waarm hert foar de Fryske taal. It is de taal wêryn't in soad ynwenners har it leafst útdrukke en harren by thús fiele. Dy taal brûke wy fansels ek yn de gemeentlike kommunikaasje en op it gemeentehûs, ûnderling en yn it ferkear mei de ynwenners. Dat dogge we faker en op praktyske wize.

Ek hechtsje wy oan begryplike taal yn it Nederlânsk. Leafst brûke wy foar uteringen yn it Nederlânsk en Frysk it B 1-taalnivo: ienfâldige taal dy't 80 persint fan de befolking begrypt.

Ynkeap

Produkten of tsjinsten dy't de gemeente nedich hat, belûke wy it leafst fan lokale leveransiers. Wat lokaler, wat better. Under lokaal ferstean wy oanbieders út Tytsjerksteradiel of de neistlizzende gemeenten. We hechtsje deroan dat we duorsum ynkeapje. Dat we sunich omgean mei grûnstoffen en jild en dat we yn it foarste plak goed neigean oft we materiaal op 'e nij brûke kinne. De klam leit op sirkulêr ynkeapjen



Finansjeel ferantwurde ynvestearje



Tytsjerksteradiel stiet oan de foarjûn fan wichtige ynvestearringen. Yn ûnderwiishúsfêsting, multyfunksjonele sintra, foarnimmens út it riedsprogramma en ferduorsuming fan gemeentlike gebouwen. Al dy plannen bringe we ein 2026 tegearre yn in ynvestearringsaginda.

Tagelyk wolle wy noch dit jier skerper ynsjoch yn de begruttingen foar de kommende jierren krije. Wat kinne wy no echt fan it Ryk ferwachtsje? Hoe kinne wy skerper begrutsje? Hokker mooglikheden binne der op grûn fan de weroriïntaasje foar de gemeente om jild te besparjen of ekstra ynkomsten oan te boarjen. Wy soargje dat dy dúdlikheid oer begruttingen en weroriïntaasje der is op it stuit dat de ynvestearringsaginda ferskynt. Dan kinne wy plannen út de ynvestearringsaginda en finansiering út de begruttingen oan inoar keppelje. Oant dy tiid sette wy gjin ûnomkearbere stappen oangeande mânske ynvestearringen.



Sa't it no stiet, hat de gemeente allinnich oan it begjin fan de riedsperioade 2026-2030 in jier mei in slutende begrutting. Wylst wy it leafst dizze hiele riedsperioade in sûne finansjele húshâlding ûntstien sjogge. Mar dat is gjin fanselssprekkendheid. Nei 2027 sjogge we in tekoart. Boppe ús holle hinget in besuniging fan de Ryksoerheid op it gemeentefûns. Dy is trochskood fan 2026 nei 2028. Sa't it no stiet, leveret dat de gemeente fan 2028 ôf in jierliks neidiel op fan inkelde miljoenen euro's. Sûnder yngripen kleurje wy dan alle jierren yn it read, wylst de begrutting al ûnder druk stiet.

Op grûn fan hoe't de ferwachtingen no binne, de weroriïntaasje en de winsken dy't der foar ús ynweners libje, wolle wy yn elts gefal yn 2027 en 2028 in slutende begrutting. Mar dat is op dit stuit foar de jierren dêrnei gjin fanselssprekkendheid. Foar de simmer fan 2027 beoardielje wy oft wy de begrutting nei 2028 slutend krije kinne. We wolle no net ûnnedich pynlike besunigingen trochfiere troch te betiid finansjeel op de rem te traapjen, wylst letter bliken docht dat dit net nedich wie.

Boppedat kinne we in eventueel tekoart foar in koarte perioade dempe út ús reserves. Tytsjerksteradiel hat genôch reserves mar dy binne foar in grut part net frij te besteegjen of bestean út stiennen en beton. De tebekfal yn 2028 – ek wol it ravynjier neamd – kinne wy mei troch nasjonale en provinsjale begruttingsregels net folslein of langjierrich út ús reserves dekke. Troch kritysker nei ús taken, útjeften en ynkomsten te sjen, moatte wy sjen hoe't wy it ferwachte begruttingsgat foarkomme of tichtsje kinne.

Foar in selsstannige gemeente as Tytsjerksteradiel is it needsaaklik om goed grip te hâlden op de finânsjes. Wy soargje derfoar dat wy ûnder repressyf tafersjoch fallen bliuwe. Hjir sette wy op yn en hâlde finansjeel it stjoer sels stevich yn hannen. Sûnder risiko op provinsjaal previntyf tafersjoch mei provinsjale stjoering en dêrtroch minder gemeentlike frijheid by besteging fan ús jild.

Lobby

agelyk stypje wy de lobby út de Feriening fan Nederlânske Gemeenten wei rjochting it Ryk om ôf te sjen fan de besuniging op it Gemeentefûns en dêrmei it ravynjier foar te kommen. Snije yn gemeentlike budzjetten giet net sûnder dat de ynweners dit fiele en fernimme. Wylst wy as oerheden krekt ús ynweners sa goed mooglik betsjinje wolle.

Per ûnderwerp sjogge wy wêr't wy jild foar krije. As dat jild ûntbrekt, keatse we de bal werom nei de partij dy't dizze taak by ús dellein hat. By Rykstaken hearre Ryksknaken. Dy bepale yn de basis finansjeel de kaders, oant de gemeenteried eksplisyt oars beslút. Of safier't der kontraktueel al oare ferplichtingen binne.

Wy wolle mear oanspraak meitsje op provinsjale, lanlik en Europeeske subysdzjes. Wêr nedich meitsje wy ús plannen kânsriker hjirfoar.

Fergees parkearjen

Foar Tytsjerksteradiel bliuwt fergees parkearjen in wichtich ûnderdiel fan de gastfrijheid. Fandêr dat ynfiering fan betelle parkearjen gjin opsje is by de syktocht nei ekstra finansieringsboarnen.



Wurkwize fan de ried

De gemeenteried toant mei dit riedsprogramma dat troch fertrouwen der goede gearwurkingen ûntsteane. Dat liedt ta fluggere, bettere en breed droegen besluten dy't bydrage oan de mienskip fan Tytsjerksteradiel.

It riedsprogramma is troch alle partijen opsteld, foardat der oer in koälysje-foarming praat is. By gjin inkeld ûnderwerp is troch in fraksje in minderheidsstânpunt ynnommen.

Relaasje mei koälysje-akkoart

Nei dit riedsprogramma set de foarming fan in koälysje útein dat mei in koälysje-akkoart komt. Alle ûnderwerpen yn dat akkoart moatte eins har basis hawwe yn it riedsprogramma. Wêr't dat net sa is, beärgumintearret it kolleezje dat yn in startnotysje oer it oanbelangjende ûnderwerp, dy't de ried besprekt.

In útsûndering foarmje de rinnende saken, dy't ek al ûnder it foarige kolleezje spilen. Yn it oerdrachtdokumint dat de ried krigen hat, binne dizze dossiers werom te finen.

It koälysje-akkoart sil benammen ferdjipping fan it riedsprogramma befetsje.

Basis fan fertrouwen

De riedsfraksjes wurkje gear op basis fan fertrouwen. Net alles is yn it foar yn regels en ôfspraken fêstlein. Wy jouwe inoar de romte en sprekke inoar der op respektfolle wize op oan as wy it ûnderling net iens binne. Ienris yn 'e safolle tiid hâlde wy inoar de spegel foar. Yn it presidium beprate wy de gong fan saken yn 'e lêste riedsgearkomste.

Twa kear jiers sjogge wy ûnder foarsitterskip fan de boargemaster nei de foarbye en kommende riedsperiode.

Relaasje mei kolleezje

Kolleezje en ried treffe elkoar ek twa kear yn it jier om te reflektearjen. Wêrby't ek de amtlike organisaasje fertsjintwurdige is.

Oer gevoelige kwestjes ynformearret it kolleezje de ried sa betiid mooglik. Unoangename ferrassingen foarkomme we oer en wer.

De ried sjocht graach dat it kolleezje safolle mooglik gebrûk makket fan startnotysjes. Dêryn is mooglikheid om te kiezen en in dúdlike en helbere planning opnommen. By de besprekking fan de langetermynaginda yn 'e agindakommisje kin dat oan 'e oarder komme. Skriftlike fragen sjocht de ried graach faker binnen 14 dagen beantwurde.

Wurking riedsprogramma

De wurking fan it riedsprogramma bepraat de ried yn it presidium. De útfiering komt oan 'e oarder yn 'e agindakommisje. Wêr nedich komt dêr in weromkeppeling fan yn 'e gemeenteriedsgearkomste.

Konklúzjes út it Rekkenkeamerûndersyk út 2025/2026 nei de kwaliteit fan riedsstikken is te brûken om de riedsfoarstellen nei in heger nivo te bringen.

